



Ridder Jet

Lida Dykstra




Ynteraktyf foarlêze

Ynteraktyf (foar)lêze wol sizze dat elkenien ûnder it foarlêzen aktyf by it ferhaal belutsen wurdt. De foarlêzer stelt bygelyks fragen oer wat der krekt foarlêzen is, lit de bern dingen oanwize yn it boek of freget de bern wat sy derfan tinke. Sa kinst as foarlêzer goed oanslute by de bern en wurde de bern mear belutsen by it ferhaal. Ek helpt it de bern om it ferhaal better te begripen.

Ynteraktyf foarlêzen kin op alderhande manieren en by alle boeken.

Foar it lêzen

- Lês foar it foarlêzen sels it boek en de fragen dy't hjirûnder steane in kear troch.
- Sykje in noflik plakje om foar te lêzen. Soargje dat elkenien it boek goed besjen kin.
- Sjoch mei-inoar nei de foarkant fan it boek. Wat stiet dêr allegear op? Wat foar soarte ferhaaltsje soe it wêze?



Tips foar lês-, sjoch- en lústerfragen

Praat ûnder en nei it lêzen oer de fragen:

- Jet sit opsluten yn in toer op in eilân. Wêrom sit se dêr? Wat fynt Jet dêrfan?
- Jet hat heit ferteld dat se in sjaal makket omdat it kâld is yn de toer. Mar is dat wol sa? Wêr hat Jet de sjaal eins foar makke?
- De boeven pakke Jet. Jet kin net tsjin se op. Dochs litte de boeven har wer los. Wêrom?
- De draak komt op Jet ôf. Mar hy docht Jet neat. Hoe kin dat? Draaft Jet no hurd fuort? Wat soesto dwaan?
- Eins soene de ridders de boeven fange moatte. Wêrom dogge se dat net?
- Jet seit: 'Ik koe it sels ek wol oan, mar sa gie it hurder'. Wat tinksto, soe Jet de boeven ferslaan kinne sûnder de draak?
- Heit is liik op Jet. Wêrom?
- Jet wol net werom yn de toer. Se wol ek net nei skoalle. Wat wol se dan wol? Wat soesto wolle asto yn mearkelân wenneste en kieze mochtest?

Net alle fragen hoege steld te wurden. Kies de fragen dy't passe by de bern of betink sels oare fragen om de bern te belûken by it ferhaal. Lês it boek sa faak foar ast wolst en brûk deselde of oare fragen.

Om te dwaan

Tocht troch it moeras

Ridder Jet is in dappere ridder. Se giet net samar oan 'e kant en jout net op. Ek net as se troch in gefaarlik moeras moat om ien te rêden. Dit spulstje kinst binnen en bûten dwaan.



Sykje guod dêr'tst op stean kinst as stapstiennen troch it moeras. Tink oan kessens, stiennen, planken, hoepels, doazen, ensfh. De flier is it gefaarlike moeras. Meitsje mei it guod in rûte troch it moeras. Kinst ek noch mear obstakels betinke: moatst ergens oerhinne klimme? Of ergens ûndertroch krûpe? Is der in grutte sleat dêr'tst oerhinne springe moatst? Do bist in dappere ridder. Kinsto de swiere tocht troch it moeras meitsje sûnder datst yn it moeras telâne komst?

Gedicht

Frije oersetting fan it ferske

'Ik durf alles' út Koekeloere

(schooltv.nl/video/ik-durf-alles-liedje-uit-koekeloere/)

Sjochsto wol hoe dapper,

Hoe dapper,

Hoe dapper.

Sjochsto wol hoe dapper,

Hoe dapper oft ik bin.

No en, no en, no en?

No en, ik bin noch knapper.

Ja, sjoch mar ris nei my.

Want ik bin noch dapperder as dy!

Ik doar alles.

Ik bin dapper.

Nee, ik bin foar net ien bang.

Fytse mei de hannen los.

My ferstopje yn 'e bosk.

Kin ik allegear allang.

Sjochsto wol hoe dapper,


Hoe dapper,

Hoe dapper.

Sjochsto wol hoe dapper,

Hoe dapper oft ik bin.

Hoe dapper bisto? Hasto wolris wat spannends dien? Ridder Jet seit: 'Ik ha dat noch noait dien, dus ik tink dat ik it wol kin'. Wat soesto noch wol in kear dwaan wolle datst noch noait dien hast?



No en, no en, no en?

No en, ik bin noch knapper.

Ja, sjoch mar ris nei my.

Want ik bin noch dapperder as dy!

Ik doar alles.

Ik bin dapper.

Nee, ik bin foar net ien bang.

Springe oer in lavastream

Klimme yn in hege beam

Kin ik allegear allang.

Sjochsto wol hoe dapper,

Hoe dapper,

Hoe dapper.

Sjochsto wol hoe dapper,

Hoe dapper oft ik bin.

No en, no en, no en?

No en, ik bin noch knapper.

Ja, sjoch mar ris nei my.

Want ik bin noch dapperder as dy!

Puh!